

Speech drs. A.A.M.Brok, jubileum toonkunstkoor Concordia

Leeuwarden 24 novimber 2024

Bêste minsken, achte boargemaster!

Wat moai dat jim hjir allegear by elkoar binne om it jubileum te fieren fan Concordia.

Lokwinske mei dizze dei!

Ik haw de 'glossy' dy't nei oanlieding hjirfan makke is al efkes sjen mocht.

It sjocht der prachtich út.

'Glossy' dekt eins net de lading... it is mear!

It is in dokumint, in neislachwurk mei ynformaasje en eftergrûnen oer diriginten, foarsitters, komponisten, repertoire en ferhalen oer bysûndere optredens.

Komplimenten oan de makkers!

Tige oan te befelen!

It giet te fier om de hiele ûnsteansskiednis te fertellen, mar der stiet in nijsgjirrich weetje yn dat nij wie foar my...

Dat is dat de provinsje c.q. provinsjale Steaten nammentlik direkt ferbûn is mei it koar fia de namme.

De namme Concordia is, koe hiel goed wolris ôfaad wêze fan de prominente spreuk yn de Steateseal, dy't achter de stoel fan de foarsitter fan provinsjale Steaten te lêzen is.

Boppe dy stoel stiet pontifikaal de wapenspreuk fan de Republiek der Verenigde Nederlanden:

"Concordia res parvae crescunt"

Dat betsjut *"Saamhorigheid doet kleine dingen groeien."*

Oftewol:

"Eendracht maakt macht."

Ien fan de oprichters fan Concordia wie Ayzo van Boelens van Eysinga.

Hy wie jonkhear út in geslacht fan politisy, werûnder grietmannen en Steateleden.

Van Eysinga moat de Steateseal kint hawwe... en dus ek de spreuk.

Hy soe de namme ûntlent ha fan dy spreuk.

Mei dy gedachte – onomstotelik bewiis is der net – kinne wy eins stelle dat mei de kar fan de namme Concordia, it koar 150 jier ferlyn al die oan mienskip avant la lettre...

It begrip mienskip waard doe miskyn noch net sa brûkt as wy dat tsjinwurdich brûke, mar dochs: it gefoel wie der wol, it gefoel fan *"meielkoar."*

((Ik nûgje jo hjirby út yn de Steateseal, om sels de spreuk te besjen.

De Steateseal is in besite mear as wurdich, it is in libben skiednisboek. En dat jild ek foar Concordia))

...Mei help fan wat ferbylding soene jo de Steaten sjen kinne as in koar mei de foasitter as dirigint... ik sil my net op glêd iis bejaan troch mear metafoaren yn dizze kontekst te brûken...

'Concordia' – 'saamhorigheid'

Meielkoar sjongen soarget foar saamhoarichheid.

Tsientallen studzjes út binnen en bûtenlân ha oantoand dat sjonge yn groepsferbân sûn is.

Der komme dan stofkes yn de harsens frij dy't lokkich meitsje en stress ferminderje.

Minsken dy't yn in koar sjonge binne optimistysker oer it libben, binne mear tefreden oer harren relaasjes, fiele har mear ferbûn mei oaren en fiele har minder faak iensum.

Op dy wize leverje se ek faker positive bijdragen oan it funksjonearjen fan de mienskip.

In ûndersykier sei it ris moai:

"Koren zijn krachtcentrales van verbinding en welbevinden".

Sjonge kin dus sjoen wurde as in positive drug. In drug fan lok en ferbining.

Der sit hjir dus hiel wat lok byelkoar yn de seal!

Wat dat oanbelanget soene we sizze kinne dat at der mear meielkoar songen wurdt op de wrâld, dy der in stik better útsjen soe...

...wa sil it sizze...

Bêste minsken,

Concordia bestiet 150 jier.

Oft it koar oer 150 jier noch bestean sil, dêr gean ik fan út.

Al sille wy dêr net mear tsjûge fan wêze.

Dat jimme moai en goed sjonge kinne stiet as in peal boppe wetter.

Jimme hawwe yn de Ljouwerter en Fryske koarenwrâld in sterke namme en posysje.

Der kinne jimme grutsk op wêze.

Ik haw begrepen dat it koar konfrontearre wurdt mei fergrizing en ôfnimmende belangstelling foar it 'klassike' repertoire.

Concordia waard 150 jier lyn oprjochte om de moderne muzyk fan doe ûnder de oandacht te bringen.

Ik ha begrepen dat it koar yn de takomst mear ynspylje wol op it ferlet fan hjoededei en nije ferbinings lizze wol yn it kulturele fjild.

Sa sil der mear omtinken komme foar oare keunstuterings dy't ek oanslute by in jonger publyk.

Doel is om sa jong, dynamysk en relevant te bliuwen en om midden yn de mienskip stean te bliuwen.

Jimme binne dwaande jimsels op'e nije út te finen, in boeiend proses.

Dit jild net allinich foar koaren. Jo sjogge it ek by oare klubs en ferienings. It binne maatskiplike ûntwikkelings.

Dy biede ek kânsen!

Tiden hawwe tiden. In nije tiid, in nij lûd...

Sjoen de histoarje haw ik dêr alle betrouwen yn dat it Concordia slagje sil om mei betrouwen de takomst yn de mjitte te gear.

Dat winskje ik jim ta, en foaral ek it kultuerminnend publyk yn Fryslân.

Meielkoar en foar elkoar.

It koar en de mienskip bestean beide by de graasje fan saamhoarichheid.

"Concordia res parvae crescunt."

Eendracht maakt macht.

Bestjoer en leden fan Concordia; nochmaals lokwinske mei it jubileum en in soad sukses en fijne konserten tawinske no en yn de fiere takomst!

((Graach kom ik nochris del))